


SNEINSBRIEF MARTINITSJERKE

Protestantse Gemeente te Easterein

www.kerkeasterein.nl

www.kerkomroep.nl Easterein



9 MEI 2021

11^e jaargang nr 05

Organist: Balt R. de Vries

Koster: André C Vink

Zangers: Thomas Dijkstra
Luuk van der Werk
Anneke Elgersma
Tsjerkje Kooistra

BLOEMENGROET: De blommen
geane mei in hertelike groet nei;
Mw Ymie Veninga, Stittenserleane 15



Lichtpunten voor Syrische vluchtelingen

Van de miljoenen Syriërs die door de oorlog hun land zijn ontvlucht, zijn de meeste terechtgekomen in Libanon, Jordanië en Turkije. Zij hebben alles achter moeten laten en leven in grote armoede. Via een netwerk van kerken in deze regio ondersteunt Kerk in Actie vluchtelingen op verschillende manieren, onder andere met een opleiding of het opzetten van een eigen bedrijfje. Daardoor zijn ze minder afhankelijk van hulp en dat maakt hen sterker. Meer lezen:

kerkinactie.nl/

[syrischevluchtelingen](http://syrischevluchtelingen.nl)

U kunt uw gift ook overmaken op bankrekening NL71 RABO 0349 50 66 55 t.n.v. Diaconie Easterein o.v.v. het collectedoel of de datum van de kerkdienst.

DIENSTEN IN DE 40 DAGENTIJD:

09 mei

Eredienst paastijd

11:00

Dhr Herke Giliam

13 mei

Eredienst-Hemelvaart

09:30

Ds. Nicolette Vlaming

16 mei

Eredienst-dopen

09:30

Ds. Nicolette Vlaming

25 mei

Eredienst-Pinksteren

09:30

Ds. Nicolette Vlaming

1^e collecte: KIA Lichtpunten voor Syrische vluchtelingen

2^e collecte: Diaconie

LITURGY:

YNTOCHTSLIET 33: 1 en 8

1 Rjochtfearnich folk, sjong God allinne, bring Him, de Hear, jim jubel ta!
Al wa't yn trou oerein bleaun binne past no in lûd Halleluja.
Lit jim sangen rize, /op in nije wize, poen de harp en lier!
Lit mei snare_en tonge /elk Him tank tasjonge: 't klinke hein en fier.

8 Wy wachtsje stil op Gods ûntferming, ús lof klimt op yn stim by stim.
Hy is ús help en ús beskerming, wy litte 't alles stean op Him.
Syn heechhill'ge namme / makket noait beskamme, jout ús hope foet.
God, lit troch de dagen / jo genede_ús drage notiids en foargoed.

STILLE BEA

FOATUM EN GROET

FERMOEDSOENINGSBEA

WURD FAN FERJOWING

LIET 91a

1 Wa't yn it skaad fan God ferkeare, sille net stjerre yn 'e dea.
Wa't wenplak sykje by de Heare fine dêr frede as har brea.
God leit syn wjukken fan genede beskermjend om syn leave bern.
En Hy ferlost har fan it kweade, sa sille hja 't gelok aanst sjen.

WURD FAN TANKBERENS

LIET 91a

2 Syn ingels sjoert Er alle dagen, hja binne_in gids en in hâldfêst.
Dy sille har op hannen drage troch in woestyn fan hoop en lêst.
Gjin freze_of ûnheil sil har reitsje, gjin sykte brekt in minskedream.
Lingte fan dagen sill'hja smeitsje, hja rêste oan in koele stream.

BEA OM DE GEAST

LIET C.

SKRIFTLÊZING Ex.12:14-15

14 Dizze dei sil foar jimme in tinkdei wêze. Jim moatte him fiere as in feest foar de Heare. Jim neigeslachten moatte him as in altydduorjend foarskrift feestlik fiere. 15 Sân dagen moatte jim ûnsuorre koeken ite. De earste deis al moatte jimme it soerdaai út jim huzen wei dwaan, want elk dy't fan 'e earste oant de sânde deis wat yt dat riisd is, dy persoan sil útsletten wurde út Israel.

SKRIFTLÊZING Heechliet 7:11-14

11 – Ik bin fan myn leafste en syn langst giet nei my út. 12 Kom, myn leafste, wy geane it fjild yn en bliuwe de nacht oer yn 'e wynberch. 13 Lit ús betiid nei de wyngerds gean en sjen oft de wynstôk útrint, oft de blossems al iepen binne en de granaatappels al bloeie. Dêr wol ik dy myn leafde jaan. 14 De leafdeappels rûke en by ús doarren groeie allegear kostlike fruchten, nije en âlde soarten. Foar dy, myn leafste, haw ik se bewarre

LIET 103:3 en 5

3 Hy is de leafde sels en syn genede
bliuwt by syn bern oant yn alle_ivichheden;
net ivich sit syn grime_ús op 'e lea.
Hy docht ús net nei 't kweade dat wy dienen.
Hoewol't Hy wist wat wy Him skuldich wienen,
Hy fage 't út en wei wie alle kwea.

5 Sa't sterke hannen fan in heit allinne
syn eigen bern yn leafde drage kinne,
sa tilt Hy ús troch wâld en wyldernis.
Ut stof fan de_ierde hat de Heare_ús makke.
Syn soargen geane_oer 't lytse_en oer it swakke,
want Hy betinkt, hoe tear ús libben is.

SKRIFTLÊZING Galaten 5:1-15

Kristlike frijheid

1 Om frij te wêzen binne wy troch Kristus frij makke. Hâld dan hoek en lit jimme net wer ûnder in slavejok bringe. 2 Sjochris, ik Paulus, sis jimme: as jimme jim besnije litte, dan hawwe jimme neat mear oan Kristus. 3 Ik sis nochris mei klam oan in elk dy't him besnije lit, dat er dan ferplichte is om de hiele wet nei te kommen. 4 Jimme dy't besykje om rjochtfeardich te wurden troch de wet, binne los fan Kristus rekke en hawwe de genede ferlern. 5 Wy ferwachtsje ommers troch de Geast, op grûn fan it leauwen, de gerjochtichheid dêr't wy op hoopje. 6 Want as wy ien binne mei Kristus, is it likefolle, oft wy besnien binne of net. Mar it komt allinne oan op it leauwen dat syn wurk docht troch de leafde. 7 Jimme wienen sa moai op 'e gleeed; wa hat jimme behindere om nei de wierheid te harkjen? 8 Dy ompraterij komt net fan Him dy't jimme ropt. 9 In bytsje soerdaai makket it hiele daai soer. 10 Ik foar my lykwols betrou op de Hear wat jimme oanbelanget, dat jimme net fan betinken feroarje sille. Mar dy't jimme yn ûnstjoer besiket te bringen, sil Gods oardiel drage moatte, wa't it ek wêze mei. 11 Wat my oanbelanget, bruorren, as ik ferkundigje dat men jin besnije litte moat, wêrom wurd ik dan noch ferfolge? Dan soe it dochs ôfrûn wêze mei de argewaasje fan it krús. 12 De lju dy't jimme oerstjoer meitsje, moasten harsels mar lobje litte. 13 Wat jimme oanbelanget, bruorren, jimme binne roppen om frij te wêzen. Mar lit dy frijheid gjin ferlechje wêze om jim ferkeard aard bod te jaan. Tsjinje krektoarsom inoar troch de leafde. 14 Want de hiele wet leit folslein besletten yn dit iene wurd: do silst dyn neiste leaf hawwe sást dysels leafhast. 15 Mar as jimme der mei trochgeane inoar te ferbiten en op te fretten, pas dan mar op, dat jimme inoar net folslein fersline.

LIET 912: 1, 2 en 5

1 Nim myn libben, lit it, Hear, jimmer wijd wêze_oan jo ear',
ta jo tsjinst bestel ik bliid al myn oeren en myn tiid.

2 Nim myn hannen, jou se stjoer ta jo wurk mei faasje_en fjoer;
help my, dat 'k myn fuotten set op 'e wegen fan jo wet.

5 Nim myn wil en meitsje 'm frij: hiel fan Jo, en net fan my.
Jou myn hert de rjochte sin, dat jo Geast dêr wenje kin.

PREEK

LIET 838:1, 3 en 4

1 O God, dy't as in heit sa tear oer ús, jo skepsels, binne,
jou dat wy Jo, ús Haad en Hear, mear as ússels beminne.
En lit ús wêze yn 'e wrâld in ljochtsjend ljocht, in sâltsjend sâlt.
Lit ús jo wurden sizze, jo wierheid iepenlizze.

3 Lear ús de godlik-wize wet fan leafde te bewarjen,
dat wy net yn in tizelnet fan striid en skeel bedarje.
Lis op ús lippen 't rjochte wurd wêtroch't jo bûn beseeg'le wurdt.
Doch troch ús dwaan en litten jo hearlik wurk te witten.

4 Haw tank, o Hear, Jo wolle ús troch Kristus' leafde liede.
Hy spriek it djipste wurd oan 't krús, in wurd, net fan dizze_ierde.
Noch is it ús ta heil en hâld en wurdt it heard rûnom te wrâld
dêr't minsken breklik stribje, mar út dy leafde libje.

BEA

KOLLEKTE

SLOTLIET Ges. 723:1 en 2

1 Dêr't God de Hear syn fuotstap set,
dêr wurdt de minske_út oermacht ret
fan dwaling en ferbjust'ring.
Dêr klinkt Gods boadskip, rein en klear,
dêr blinkt it heilljocht fan de Hear
oer minsklike fertsjust'ring.
Syn Geast hat alle waan ferdreaun
en yn ús hert it heimnis skreaun
fan ivige ûntferming.
Yn Kristus is de rêst ús jûn,
yn Kristus ha wy fêste grûn
en machtige beskerming.

2 Jo Wurd, troch de_ieuwen mei ús gien
en hieltyd wer opnij ferstien,
moat elk ferset oerwinne.
Wy doarmje faak it doel foarby,
mar troch it leauwe meie wy
de tocht fannijs begjinne.
Jo joegen de_âffaars romte_en paad,
Jo ha har út it tsjinsthûs laat
nei 't lân fan har befrijing;
werskep ek ús, Hear, troch jo macht
en bring ús troch de lêste nacht
nei de_einichste fernijing.

SEGENBEA